

**Nederlânske regear**

Oan de Minister foar Rjochtsbeskerming S. Dekker &  
de Minister fan Justysje en Feiligens F.B.J. Grapperhaus  
Ministerie van Justitie en Veiligheid  
Postbus 20301  
2500 EH Den Haag

Underwerp: yn fersomstelling

Ljouwert, 15 novimber 2021,

**Rju achte hearen Dekker en Grapperhaus,**

Mei dit brief stelle wy it Nederlânske regear yn fersom foar it net op'e tiid yn wurking stellen fan it nije artikel 14 fan de Wet Gebrûk Fryske Taal.<sup>1</sup>

It regear hat fersomme om de nije regels oer it gebrûk fan de Fryske taal yn it rjochtsferkear, mear spesifyk oer it fêstlizzen fan itjinge yn de Fryske taal sprutsen is, op'e tiid yngean te litten. By de behandeling fan de wet hat it regear tasein dat it oanbelangjende kêst op syn lêst fiif jier nei it ta stân kommen fan de Wet Gebrûk Fryske Taal yngean soe.

Om't it regear ûnderwilens sûnt 1 jannewaris 2019 yn fersom is, sommearje wy jo om binnen in ridlike termyn fan seis moannen in beslút te nimmen en dat beslút ta yngean yn it Staatsblad te publisearjen, sadat de nije regels fan kêst 14 noch fan tapassing wurde.

De Wet Gebrûk Fryske Taal is op grûn fan it *Besluit van 3 december 2013 tot vaststelling van het tijdstip van inwerkingtreding van de Wet gebruik Friese taal*<sup>1</sup> op 1 jannewaris 2014 yngien. Dêrby waard de útfiering opskood fan nije regels oer it yn in proses-ferbaal fêstlizzen fan itjinge yn de Fryske taal sprutsen is. It regear woe sadwaande de rjochterlike ynstânsjes de mooglikheid jaan om harren troch kursussen of op oare wize ta te rieden op in effektive ymplementaasje fan de wet.

Neffens de Memoarje fan Taljochting<sup>iii</sup> soe it yngean fan dit spesifike kêst op in letter stuit plakfine, en wol op syn lêst 5 jier nei it yngean fan de Wet Gebrûk Fryske Taal. De leden fan de SGP-fraksje hawwe doedestiids<sup>iv</sup> eksplisyt frege wêrom't de termyn fan fiif jier net opnommen is yn de wet, sadat it tydlike karakter fan de âlde tekst mei klam bliken docht. It antwurd fan it regear dêrop wie dat men de nedige fleksibiliteit hâlde woe. Fleksibiliteit mei lykwols gjin ekskuus wêze om de ynfieren fan in demokratyske fêststelde wet nei te litten.

Yn it oerlis fan 30 septimber 2021 tusken de fêste Kommisje foar Justysje en Feiligens mei jo, hear Dekker, as minister foar Rjochtsbeskerming, hawwe jo sein dat jo fan betinken binne dat der yn de rjochtbanken de mooglikheid wêze moat om yn de Fryske taal jins saak te bepleitsjen, mei of sûnder tolk, mar krekt sa't it fanneden is. Jo fine – lykas ús – dat dat goed regele wêze moat. Jo hawwe sein dat jo dêr ferantwurdlik foar binne en dêrfoar steane en dat jo sinjalen krigen hawwe dat dit regele wurde kin.<sup>v</sup>

Sadwaande is it heech tiid dat ek it part fan de wet oer it proses-ferbaal ynfierd wurdt. Wy tidigje derop dat jo dizze kwestje mei faasje oanpakke sille.

FNP Steatefraksje  
Sijbe Knol, foarsitter

---

<sup>i</sup> *Stb.* 2013, 382.

<sup>ii</sup> *Stb.* 2013, 515.

<sup>iii</sup> *Kamerstukken II*, 2012-13, 33 335, nr. 3, p. 12.

<sup>iv</sup> *Kamerstukken II*, 2012-13, 33 335, nr. 7, p. 18.

<sup>v</sup> *Kamerstukken II*, 2021-22, 29 279, nr. 681, p. 37-38.